

De keningin

útbrocht op de LP/CD Frustraasjebloes

de keningin dy hat paleizen	G
lykas de Aldehou sa heech	G D7
mar ik sit yn myn heideklintsje	Am
en de rein driipt troch myn dak omleech	D7 G
de keningin drinkt út bokalen	G
en ik drink út in stikken glês	Em Bm
hja hat in bêd fol pracht en praal en	C G
myn matraske sit fol strie en gers	D7 G

de keningin as hja har wasket
riidt hja nei 't bad ta yn in koets
en ik slof op myn learkeklompen
nei't badhûs foar in kâlde dûs
de keningin spielt op har húske
har drollen mei lavendel troch
hja brûkt papier mei gouden roaskes
wylst ik it mei de Ljouwerter doch

de keningin as hja aanst dea giet
krijt hja in grêf mei goud'ne krol
mar ik kom op it earne-tsjerkhûf
dêr't ik earst sels myn kûltsje dol
de keningin komt yn 'e himel
en d' ingels blaze har bazún
mar ik lis lekker mei myn leafste
yn in hoekje fan de wolketún

© Doede Veeman